

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
CU, Dhr. L. van der Pol
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 14 febrewaris 2023
Ferstjoerd, 14 FEB. 2023

Ús merkteken : 02072761
Ôfd/Opjefte : Provinsjale Wettersteat
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer oanpak slyk yn farwegen

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 25 jannewaris 2023, beântwurdzje wy as neikomt.

Jo ynljedende taljochting

It Regionaal Wetterprogramma, behannele op 22 juni 2022, jout yn tabel 8.2-3 oan dat "Afspraken over onderhoud aan de vaarwegen worden vastgelegd (bakbeheer en oevers)", en dat dit yn gearwurking mei WF en de gemeenten dien wurde sil yn 2022 en 2023.

By de banneling fan it Wetterprogramma op 22 juni 2022 ha wy in moasje besprutsen wêryn we fregen om ek it bedriuwslibben te belûken by de oanpak fan it slykprobleem yn de farwegen fan ús moaie provinsje.

De moasje ha wy ynlutsen neidat de deputearre tasein hat "yn de breedte fan it fjild" belutsenen te belûken by it meitsjen fan dizze ôfspraken.

We stean oan it begjin fan in nij farseizoen, wêryn we ús gasten op it wetter ek wolkom hjitte. Wetter komt soms mei bakken del en it gemaal by Lemmer moat faaks byspringe. Streaming troch de kanalen nimt ta en dermei de oerlêst fan it slyk op plakken wêr't delbêdzje kin. Troch bemealling en streaming – mei troch de gemalen bij Lemmer en Staveren - slibje de rekreative en beropshavens ticht en wurde minder goed berikber.

Yn de bydrage op 22 juni 2022 ha wy oandacht frege om yn de gesprekken ek omtinken te jaan oan nije foarmen fan duorsum bakbehear. In foarm derfan is it meitsjen fan ôffangbakken yn de geulen wêr't slyk dan fersammele wurdt.

Fraach 1: Wat is de stân fan saken as it giet om de gesprekken mei de belutsenen yn it fjild en as it giet om it bakbehear yn de kanalen?

Antwurd fraach 1:

Yn it earste plak: de petearen en it meitsjen fan ôfspraken lykas bedoeld yn tabel 8.2-3 fan it Regionaal Waterprogramma (wêr jo yn jo ynliding nei ferwize) geane oer it ferbetterjen fan de wetterkwaliteit en dan spesifyk oer it bakbehear yn relaasje ta de natuerfreonlike wâlskanten (oevers). Wat dizze petearen oanbelanget sette wy de stân fan saken hjirûnder út ein.

Mei alle belutsen gemeenten en it Wetterskip Fryslân hawwe petearen plak fûn oer de bedoelde tadieling fan it oeverbehear lâns de farwegen yn ús provinsje. Yn de Steategearkomste fan 25 jannewaris 2023 is besletten de foarkarsfariant ta ynsjen te lizzen.

Fierders fine petearen mei it Wetterskip Fryslân plak oer kwalitatyf bakbehear. It sa neamde kwaliteitsbaggerjen komt út it maatregelenpakket dat is fêstlein yn de KRW Nota 2022-2027. Dizze maatregel wurdt ynset om de wetterkwaliteit te ferbetterjen konform de ôfspraken fanút de Europeeske Uny. Foar it kwalitatieve bakbehear is it Wetterskip Fryslân oan set. It Wetterskip is dwaande mei it opstellen fan in kaart mei plakken wêr 't kwaliteitsbaggerjen sinfol is foar it ferbetterjen fan de wetterkwaliteit. De provinsje ûndersiket of der mooglikheden binne om dizze potinsjele lokaasjes foar kwaliteitsbaggerjen te kombinearjen mei de baggerprogrammearing fan de provinsje.

Njonken it kwalitatieve bakbehear fynt ek bakbehear plak foar it fasilitearjen fan it farferkear as foar it ôfstreamen fan wetter. Foar wat giet om bakbehear ta in feilige en flotte trochfeart is de provinsje of it Wetterskip ferantwurdlik. De eksakte ferdieling is te finen yn de troch de Steaten fêststelde 'Vaarwegenverordening Fryslân 2014 (VVF 2014)', hokker letter oergean sil yn de 'Omgevingsverordening'. Yn it ramt fan wurk mei wurk meitsjen fynt ôfstimming plak mei direkte belanghawwenden at der fanút de provinsje baggerwurk plak fynt. Ek fynt op perioadike basis ôfstimming plak mei belanghawwenden lykas gemeenten, it Wetterskip, de Marrekrite en treden wêrûnder haveneigners. Dizze petearen fine plak op it momint dat der wat spilet, lykas ûnderhâld troch treden, fragen of klachten.

Foar it oare werkent it kolleezje de troch jo neamde baggerproblematyk yn de provinsjale farwegen net. Wol binne ús sinjalen bekend foar wat giet om it tichtslibjen fan oare farwetters en havens, al is ús fisy dat dit it gefolch is fan natuerlike prosessen en net fan it ôfstreamjen fan wetter as fan skipfeart.

Fraach 2: Is der sprake fan ekstra ynset op it ôffangen fan slyk troch ferdjippe dielen yn de geulen? En wat binne oant na te ûnderfiningen mei dizze metoade?

Antwurd fraach 2:

By it baggerjen fan ús provinsjale farwegen wurdt djipper baggere dan foar it farre perfoarst needsaaklik is. Yn syn algemienens kin steld wurde dat hoe wichtiger de farwei is, des te grutter dizze djippte, as soart fan feiligensmarzje.

Yn in kele situaasje ferrint de groei fan it slyk sa fluch dat der eltse twa oant trije jier baggerd wurde moatte soe. As foarbyld hjirfan kin de Lutsmonding by Balk neamd wurde. Dêr is noch ris twa meter djipper baggere om in feilige en flotte trochfeart te garandearjen foar de langere termyn. De ûnderfinings hjirmei binne posityf.

Fraach 3: Op hokker wize wurdt mei haveneigners nei oplossingen socht om it slyk, wat út de kanalen yn harren havens delbêdet, fuort te heljen en te bergen? En wat bin dan de oplossingsmooglikheden?

Antwurd fraach 3:

Yn de Waterwet is fêstlein dat de wetlike taak foar it ûnderhâld fan de farwegen him beheind ta de trochgeande geulen (de tinkbyldige "bak" yn in vaarweg). ûnderhâld oan de bak van dizze farwegen fynt plak konform de noarmen yn de VVF 2014.

It ûnderhâld fan it farwetter bûten de bak (bygelyks partikuliere of bedriuwsmjittich realisearre havens as opfearten) komme foar rekkening en risiko fan de belanghawwende. By it útfieren fan ûnderhâld oan farwegen wurdt op fersyk fan in eigner beoardiele oft tagelyk mei in provinsjaal wurk in win-win situaasje berikt wurde kin. Gearwurking is ôfhinklik fan meardere faktoaren. Hjirby kin ûnder oare tocht wurde oan de geskiktens fan it materieel foar de provinsje. Tink bygelyks oan de fraach of de grutte (bagger)skippen gaadlik binne foar it baggerjen fan de partikuliere havens.

Foar it oare is de provinsjale farwei faak djipper dan de havens. Dêrtroch is it net oannimlik dat eventueel slyk út de farwei de wichtichste oarsaak is fan it minder djip wurden fan in haven. Oanwaaks fan slyk ûntstiet ûnder oare troch blêden fan beammen, ferstoarne wetterplanten, stof fan it lân as it útspielen fan grûn wilens (heftige) reinbuien. Yn rêstich wetter, lykas bygelyks yn havens, slacht it slyk flugger del. It streamende wetter fan ús provinsjale farwegen hat earder in sûgjende krêft hokker it slyk út in haven lûkt dan in stuwende krêft hokker it slyk yn in haven drukt.

Fraach 4: Wurdt by de monitoaring fan de djippte fan de farwegen ek rekken hâlden mei de djipten yn de havens?

Antwurd fraach 4:

Wy monitoarje allinnich de djippte fan ús eigen farwegen. Lykwols profitearje de havens yndirekt wol fan ús ûnderhâldswurk, om't ús farwegen oer it generaal djipper lizze dan partikuliere havens. Sjoch ek it antwurd op fraach 3.

Fraach 5: Is der – fanút it ekonomysk perspektyf – ek gearwurking mei de útfierders fan it gastfrijensprogramma om yn ús provinsje de ynfrastuktuer fan de Fryske Marren op in goed peil te hâlden? Op hokker wize wurdt der dan gearwurke tusken behear en de ôfdieling gastfrijens?

Antwurd fraach 5:

Op dit stuit wurdt wurke oan in yntegrale 'Gebruiksvisie Waterrecreatie 2050' hokker nei de simmer foar kundskip oan jo Steaten foarlein wurde sil. Dizze fyzje is in beliedsearm stik en biedt in ôfwagingsramt hokker belutsen partijen (gemeente, wetterskip, provinsje, ensfh.) brûke kinne om wetterrekreaasje goed te yntegrearjen yn takomstige (romtlike) ûntjouwings. Yn dizze fyzje sil ûnder oare ynfolling wurde jûn oan de ambysje fan it gastfrijensprogramma.

It hjoeddeistige baggerbelied foar de Fryske marren is troch jo Steaten fêststeld op 25 april 2018. Dit foarsjocht yn in passyf behear. De provinsjale marren hawwe gjin klassifikaasje en dêrom binne der ek gjin ûnderhâldsdiptes fêststeld. Inkeld de fargeulen dy 't der trochhinne rinne binne as farwei oanwiisd en klassifisearre yn de VVF 2014. Passyf behear hâldt yn dat obstakels, dy gjin natuerlike ferûndjipping binne wol fuorthelle wurde, mar dat it net baggere wurdt om in bepaalde djipte te garandearjen. Tagongen nei foarsjenningen op as lâns it mar wurde troch de provinsje net baggere en binne foar rekken fan de eigner / eksplôitant fan de foarsjenning (sjoch ek antwurd fraach 3).

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


A. Schepers, MSc, sekretaris